

Slút freonskip mei dyn buorman, mar brek it sket net ôf

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

## Gefascineerd door zachte wollen vacht

Viltten kan rustgevend zijn. Het vraagt creativiteit om iets te scheppen.

pagina 3>



## Bemiddelen bij conflicten

'Se nimme faak net de tiid om nei inoar te lústerjen en hâlde fêst oan de eigen ideeën'

pagina 11>



## Wealtsje A. wer kampioen fokdei

Wiuwerter modelmerje makke protte yndruk op de sjuery en prolongearret titel

pagina 15>

## It giet foaral om de gesellichheid by tipklub yn Jorwert



Foarsitter Anne-Jan Hallema fan de Jorwerter tipferiening yn aksje tidens de jubileumpartij.



Sûnt de jierren santich binne ek froulju lid fan Reitsje Him.

Jorwert – Foaral gesellichheid, dêr giet it om by de tipferiening Reitsje Him' yn Jorwert. De feriening bestiet fyftich jier. Ofrûne snein wie de jubileumwedstriid op it sportfjild yn Jorwert. De dielnimmers makken der in gesellige dei fan mei kofje en oranjekeoke, in lunch en de jûns in barbecue mei in stikje muzyk. Tusken troch waard der in pear oerkes tipt. „Gesellich mei-inoar dwaande wêze. Even nearne mear oan tinke. Dêr giet it om.”

Troch Hinne Bokma

De Jorwerter tipferiening is unyk yn de wrâld. Nearne oars wurdt it tippen sa serieus beoefene as yn Jorwert. Yn Mantgum wurdt mei de merke ek tipt, mar dan wurdt it materiaal efkes brûkt fan Reitsje Him. Dat materiaal bestiet út in houten stok, in tuolle en in houten aaifoarmich baltsje (koaike).

De spulrigels fan tippen binne eins net sa hiele dreech. It koaike wurdt mei wat klaai op de tuolle befestige. Mei de stok moat de tipper it koaike op de tuolle reitsje en besykje it koaike sa fier mooglik fuort te slaan. Wa't it koaike it fierste fuort slacht hat in punt en de wedstriid is wûn by fjouwer punten.

Fansels binne der in pear bykommende rigels, dêr't oan foldien wurde moat. Sa mei de stok net langer wêze as 1,10 meter, moat de ôfstân tusken de tipper en de tuolle mei it koaike minimaal fiif meter wêze en moat it koaike minimaal trije meter fuort slein wurde, oars is de slach net jildich.

### Gruzeleminten

Tippers mei in protte ûnderfining slaan it baltsje somtiden wol fyftich oan sechstich meter fuort. It sportfjild yn Jorwert hat in lingte fan sechstich meter. Neffens Germ

Hallema, skathâlder fan Reitsje Him, wurdt der in inkele kear in baltsje oer it hek slein. En dan kin it barre dat der in rût fan in parkeard steande auto oan gruzeleminten giet. „Mar de tipferiening is dêr foar fersekere”, jout Hallema oan.

It tippen waard al yn de achttjinde ieu beoefene. Doe wiene it de kroechbazen, dy't de tipwedstriden organisearren. Yn de Ljouwerter krante binne advertinsjes fûn fan wedstriden yn Wommels, Hilaard, Baard, Nijlân en Baaium. Opmerklik is dat Jorwert net yn dat rjchje foarkomt. Mar Jolt Oostra, de skriuwer fan *Uit de geschiedenis van Jorwerd* giet der wol fanút dat yn de achttjinde ieu ek yn Jorwert al tipt waard.

Yn 1914 sette yn Jorwert in tipferiening útein mei it opsetten fan wedstriden. De feriening wie in inisjatyf fan de keatsferiening Hâld Moed. In lang libben wie de

feriening net gund, want in jier letter besleaten de leden fan Hâld Moed de tipklub al wer op te heffen. Yn 1965 waard op inisjatyf fan Marten Kloetstra in nije tipferiening oprjochte, dy't sûnt dy tiid alle simmers sa'n fiif of seis wedstriden organisearret. Sûnt de jierren santich binne der ek froulju wolkom. Reitsje Him telt op it stuit sa'n hûndert leden. Fan de leden wennet ûngefear fjirtich persint bûten Jorwert. Fan de seis bestjoersleden wenje der noch twa yn Jorwert.

### Soargen

De famylje Hallema is somtiden wol mei seis minsken fertsjintwurdige. Soan Anne-Jan is foarsitter fan de feriening. Skathâlder Germ Hallema makket him wol soargen oer de takomst. De belangstelling foar it tippen rint stadichoan werom. Wie it yn it ferline fanselsprekkend dat in nije ynwenner

fan Jorwert lid waard fan sawol de keatsferiening as de tipferiening, tsjintwurdich is dat net mear sa. „It wurdt hieltiten dreger. Ik freegje my ôf oft de feriening der oer in jier of fyftjin oant tweintich noch wol is.”

By de manlju waard de jubileumwedstriid wûn troch it partoer Egbert van der Hem/Johan Delfsma. Twadde waarden Broer Siderius en Leon Poortman, tredde Jelte Dijkstra en Bennie Ludema en de fjirde priis gong nei Anne-Jan Hallema en Ruurd Feenstra. De priis foar de fierste slach wie foar Egbert van der Hem.

By de froulju wûnen Jelly de Vries en Janny Fraiquin. De twadde priis wie foar Maxime de Vries en Sylvia Hallema, tredde waarden Jenny de Boer en Lianne Verhaag en fjirde Hedwig Ludema en Ymkje van der Heide. Maxime de Vries wûn de priis fan de fierste slag.

IEPENLOFTSPUL JORWERT 2015

# AUGUSTUS

22 augustus oant en mei 19 septimber


KAARTFERKEAP: WWW.JORWERT.NL

Filt  
VILTWERK

NIEUW cursusprogramma

Kijk op de site:

www.filtviltwerk.nl  
Tongerwei 4, Baard



Niet lekker in je vel?

www.sinneflecht.nl

058 2894904



## STALLING

CARAVANS • BOTEN • AUTO'S • ETCETERA



INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS